

It selskeazen isolemint

Needlottige ferhalen Durk van der Ploeg yn in sammelbondel

90 30/9 1996

BABS GEZELLE MEERBURG

Durk van der Ploeg syn ferhalebondel 'Gjin plak op ierde', okkerdeas útkommen by de Friese Pers, draacht mei rjocht en reden de ûndertitel 'Needlottige ferhalen'. De personaazjes yn de ferhalen wurde troffen troch it needlot en de gauris fatalistyske hâlding dêr't hja mei yn it libben steane, is datjinge dat jin nei it lêzen fan de bondel by bliuwt. Van der Ploeg lit minsken sjen dy't fêstrûn binne yn har libben. Hy beskriuwt dat treflik.

Van der Ploeg is ien fan de meast produktive Fryske skriuwers. Hy debutearre hast fjirtich jier lyn mei in fersebondel, 'Lok op eachlingte' (1959), en sûnt hawwe wy gâns fersen, romans en novelleten fan him lêze kinnen. Mar leafst 21 kear waard syn wurk bekroand mei in Rely Jorritsma Priis. Mei sa'n lange steat fan tsjinst fertsjinnet er in minsklikerwise wolris in oare priis as de Rely.

Yn syn nije bondel binne tsien koarte ferhalen gearbrocht. Se binne kronologysk oardere. It giet om ferhalen dy't skreaun binne tusken 1961 en 1996. Seis hawwe earder publisearre west yn literêre tydskriften en yn útjeften fan bekroand wurk by de Relyprizen. Fjouwer binne hielendal nij. 'Gjin plak op ierde' jout in byld fan fjirtich jier skriuwerskip, dêr't út bliken docht dat Van der Ploeg him hâldt by it tema dat wy al koene út syn earder wurk, de minske yn syn isolemint.

Fansels is it sa dat jo der neat oan dwaan kinne as jo in handikap bern krije of in relaasje hawwe mei ien dy't it krekt net is. Mar oan 'e oare kant is men al frij om in oare reaksje te kiezen as fatalisme. Yn de sneonsbylage fan Trouw (21 septimber 1996) stie in útspraak fan de Spaanske filosoof Savater dy't men foar it motto fan Voltaire oer sette kinne soe: 'We zijn niet vrij om te kiezen wat ons overkomt (...), maar we zijn wel vrij om op een bepaalde manier te reageren op wat ons overkomt (...) Vrij zijn om te proberen iets te bereiken, staat helemaal los van het noodzakelijkerwijs bereiken ervan. Vrijheid - dat wil zeggen, kiezen binnen de grenzen van het mogelijke - is iets heel anders dan almachtigheid. Almacht zou immers betekenen dat alles wat men wil ook lukt, zelfs al lijkt het onmogelijk'.

De oplossing dy't gâns personaazjes by fan der Ploeg kieze - swijend flechtsje se yn waansin, skynoarder of dea - makket har iensum. Se binne isolearre en kinne it op ierde net mear fine. Se binne finzenen fan harsels, fiele har slachtoffer fan it needlot. Se nimme it lot net yn eigen hannen.

Ien ferhaal is in útsûndering, 'Hoe't de bok en de ravens de sûndfloed oerlibben'. Nei alle gedachten giet it hjir om in ferhaal dat ynstjoerd is foar de priisfraach fan it Frysk Museum by de iepening yn 1995. It is in mytysk ferhaal dat eins krekt it tsjinoerstellende útbyldet fan de oare ferhalen. Yn in stêd yn it tsjintwurdige Irak

syn earder wurk, de minske yn syn isolemint.

It plantsje swijsum

It tema isolemint sit yn al dizze ferhalen fan Van der Ploeg op ien of oare wise ferwurke. By him is it ûnderwerp nau ferbûn oan in bewustwêzen fan needlot, sjoch mar nei it motto fan Voltaire dat it boek meikrigen hat: 'Asto de lotsbestimming fan in mich fersteure kinst, soe der gjin inkelde reden wêze dy't dy behinderje koe it lot fan alle miggen, fan alle oare bisten, fan alle minsken, fan de hiele natuer te bepalen; by einsluten soest dan machtiger wêze as God'.

De measte personaazjes yn de ferhalen kinne har plak op ierde net fine en belibje dat as in net te ûntkommen needlot, as in soarte fan natuerferskynsel dat oer har hinnekomt. Yn likernôch de helte fan de ferhalen ('Prolooch fan de iensumheid', 'Harry', 'De evakuee', 'Needlot' en 'Twa heiten') wurdt ús fernijd hokker ferskriklike dingen de personaazjes oerkomme. De oare ferhalen fertelle ús hoe't de personaazjes reagearje op har needlot. Yn 'In dierber bern' is it needlot de berte fan in geastessike soan, yn 'It ôfskie' en yn 'Dowen' binne it ûngelikense macht-sferhâldingen tusken man en frou.

It sa neamde needlot komt fan bûten ôf. Oan 'e oare kant wurkje de personaazjes har eigen beroerde sitewaasje sels yn 'e hân, trochdat se net kommunisearje. Yn de ferhalen wurdt mear swijd as praat. Benammen yn houlikse relaasjes is 'it plantsje swijsum mei de jierren útgroeid ta in foech beamke', lykas stiet op side 85. De frou yn 'In dierber bern', troch waans eagen wy it barren sjogge, skilderet in byld fan har man as ien dêr't net folle yn omgiet. Hy seit nea wat, him kin neat wat skele, it iennige dat him ynteressearret is syn tún. Har geastlik handikapte soan is te agressyf om thús te wenjen. As de frou op in dei betinkt dat se har jonge eins leaver wer thús hawwe wol, spilet it folgjende tafriel him ôf (side 41):

"Ik wol dat er wer by ús komt", sis ik. "Bist net wiis", seit er egaal, mei yn syn lûd wat fan ûnfersethikens. Wy dogge der fierder it swijen ta. Hawwe wy wolris om him striden?"

Sok swijen typearret in soad relaasjes tusken personaazjes yn 'e bondel.

haal dat eins krekt it tsjinoerstelde útbyldet fan de oare ferhalen. Yn in stêd yn it tsjintwurdige Irak waard in himelhege toer boud, de toer fan Babel. Op dy toer setten mitselders in gouden aai. Yn it aai wjerspegelen har himel en ierde tagelyk. De minsken dy't de toer makke hiene, rekken lykwols deilis. By eintsjebeslút kamen se der op út dat de ierde foar de minsken wie en de himel net om 'e nocht sa heech (side 111). Yn dyselde jierren libbe Noach, dy't in arke bouwe woe om himsels en oaren te rêden foar de sûndfloed. Fan alle bisten mocht ien pearke op 'e boat. Doe't de bok mei syn wyfke by de arke kaam, woe Noach him der net yn hawwe. Noach socht in sûndebok, sei er, en de bok waard fuortstjoerd. Nei wat protteljen sprong de bok de toer fan Babel yn. Dat wie in feilich plak mei al dat wetter. De bok klom heger en heger. Underweis kaam er minsken tsjin, dy't oars as hy, nei ûnder ta gongen. Se wiene slaande deilis. De bok skodde de holle: 'Sa stiet it derfoar mei de minske, dy kiest, al hoe fataal, altyd foar it witten en de wissichheid'. Om de floed te oerlibjen, gong de bok op it gouden aai stean en dêr bleau er oant de ierde droechfoel. Eefkes letter trof er in raaf dy't ta de arke útflein wie. Bok en raaf oerlibben beide de floed, alhoewol't se in soad ellinde hiene en alles kwyt wiene. Beide hiene se de werklikheid ûnder eagen sjoen, al hoe wreed dy ek wie, en keazen foar in konstruktive reaksje. Yn de oare ferhalen fan de bondel dogge de personaazjes dat net. Se krûpe werom yn harsels en flechtsje yn fatalisme.

Tradisjonele ferteller

Van der Ploeg is in tradisjonele ferteller. Hy jout syn tema op in treflike manier foarm, tekenet minsklike ferhâldingen mei in soad gefoel foar details en brûkt goede bylden. De ferhalen binne moai opboud en spannend. Se litte minsken op eksistinsjele mominten yn har libben sjen. Mar as jo as lêzer oars foar it needlot oer steane en minder fatalistysk ynsteld binne, komme de ferhalen somtiden wat al te dreech op jin oer en misse se wat sprankeljends.

Hjir besprutsen:

Durk van der Ploeg, 'Gjin plak op ierde. Needlottige ferhalen'. Ljouwert: Friese Pers Boekerij. Priis: f 22,50.